

## MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner:  
FNP, Tjitte Hemstra  
GrienLinks, Elsa van der Hoek

PudA - Olivier

|              |                                                                                     |
|--------------|-------------------------------------------------------------------------------------|
| Moasje nr.   | 2                                                                                   |
| Paraaf       |  |
| Wurklistpunt | 8                                                                                   |
| Beslút       |                                                                                     |

### MOASJE, eks kêst 31 Reglemint fan oarder

|                            |                                               |
|----------------------------|-----------------------------------------------|
| Steategearkomste           | 28 jannewaris 2026                            |
| Wurklistpunt               | 08. NRK-rapport 'Wetter(s)neden'              |
| Koarte titel fan de moasje | Biosiden ynstee fan gewaaksbeskermingsmiddels |

De Steaten, yn gearkomste byinoar op 28 jannewaris 2026, heard hawwende it berie,

konstatearjende dat

- yn oanrekommandaasje 3 neamd wurdt: *"Dat kan bijvoorbeeld door het reguleren van het gebruik van meststoffen en gewasbeschermingsmiddelen in grondwaterbeschermingsgebieden of het instellen van bufferzones rondom oppervlaktewaterlichamen."*
- by de foarige gearkomste fan PS (desimber 2025) de moasje fremd *"Vervolg op initiatiefvoorstel naar een schone leefomgeving"* mei in mearderheid fan 38 foar en 5 stimmen tsjin oannommen is, dat as doel hat in brede delgong te inisjearjen by it gebrûk fan biosiden;

oerwagende dat

- der neist de "gewaaksbeskermingsmiddels" neamd yn oanrekommandaasje 3 mear biosiden binne dy't it grûn- en oerflaktewetter fersmoargje kinne;
- Provinsjale Steaten net op de stoel sitte fan de NRK, mar de ymplementaasje fan dizze oanrekommandaasje breder lûke wolle;

fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten

- by de útfiering en monitoring fan oanrekommandaasje 3 it wurd *"gewaaksbeskermingsmiddels"* rom te lêzen en te ymplemintearjen as *"biosiden"*

en geane oer ta de oarder fan de dei

|               |                                                      |
|---------------|------------------------------------------------------|
| Yntsjinner(s) | FNP, Tjitte Hemstra<br>GrienLinks, Elsa van der Hoek |
|---------------|------------------------------------------------------|